



KURRIKULUM • FRL



Preämbule

PREAMBULE

Ynlieding

Regelmjittich sjogge wy kritysk nei de ynhâld fan ús ûnderwiis: is dit wat learlingen nedich hawwe foar no en foar letter? Dat dogge wy op allegearre nivo's: yn de klasse, op skoalnivo en ek op lanlik nivo. Op lanlik nivo bart dat op it stuit troch de besteande kearndoelen en eintermen te aktualisearjen, ûnder de namme Kurrikulum.nu.

It fak Frysk makket gjin diel út fan dy lanlike oanpassing. Dat komt trochdat it ministearje fan OCW it foech foar it fak Frysk yn 2014 oerdroegen hat oan de Provinsje Fryslân. Om dy reden hat de Provinsje Fryslân no opdracht jûn foar it oanpassen fan de kearndoelen en eintermen Frysk. Yn it foarjier fan 2018 is dêrfoar it trajekt Kurrikulum.frl úteinset.

It op 'e nij besjen fan it Fryske kurrikulum bart yn gearhing mei de lanlike oanpassing en yn gearwurking mei Kurrikulum.nu.

Yn dizze preâmbule wurdt taljochte wêrom't in oanpassing fan it kurrikulum Frysk winsklik is. Dy oanlieding wurdt dúdlik makke troch efterinoar yn te gean op:

- it kurrikulum sa't dat no is;
- relevante ûntjouwingen yn belied en opfettingen oer meartalichheid en meartalich ûnderwiis;
- kwestjes dy't in rol spylje by de oanlieding om it kurrikulum oan te passen;
- faktoaren dy't fan ynfloed binne op in oanpassing fan it kurrikulum Frysk.

It kurrikulum Frysk sa't it no is

Wat stiet yn de wet?

De doelen fan it fak Frysk binne útwurke yn ferskate dokuminten dy't beskriuwe wat learlingen neffens de wet oanbean krije moatte en wat se kenne en kinne moatte:

- de kearndoelen Frysk foar it primêr ûnderwiis;
- de kearndoelen Frysk foar de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis;
- de eksameneasken: it eksamenprogramma Frysk vmbo en it eksamenprogramma Frysk havo/vwo.

De kearndoelen beskriuwe it minimale oanbod fan it taalûnderwiis: wat moatte learlingen minimaal oanbean krije oan kennis, ynsichten en feardichheden?

De eintermen yn de eksamenprogramma's vmbo, havo en vwo binne behearskingsdoelen: se beskriuwe wat learlingen kenne en kinne moatte.

Yn it basisûnderwiis wurdt ûnderwilens praat fan in tredde generaasje kearndoelen. Yn de foarige generaasje kearndoelen foar it primêr ûnderwiis wiene de doelen foar Nederlânsk en Frysk identyk. Yn de generaasje út 2006 is dat net mear sa: foar de Nederlânske taal binne der tolve kearndoelen en foar de Fryske taal binne der seis. Dat betsjut net dat it oanbod de

helte minder wurden is. De doelen foar Frysk binne sterker ferdield yn mûnlinge en skriftlike feardichheden as dy foar Nederlânsk. En der is in keardoel tafoege dat te krijen hat mei in positive attitude oangeande sprutsen en skreaun Frysk.

Foar it fuortset ûnderwiis wurdt ûnderskied makke tusken keardoelen dy't foar alle learlingen as dielnimmer yn in twatalige kultuer ferplichte binne (keardoel 1–3), en keardoelen dy't ferskillend útwurke binne foar learlingen dy't de Fryske taal as twadde taal prate (keardoel 4a–6a), en foar learlingen foar wa't Frysk de memmetaal is (keardoel 4b–6b) (SLO, 2016).

Oant 2014 waarden de keardoelen Frysk, krekt as de keardoelen foar de oare leargebieten, offisjeel fêststeld troch it ministearje fan OCW. Sûnt augustus 2014 binne de *Wet op het primair onderwijs*, de *Wet op het voortgezet onderwijs* en de *Wet op de expertisecentra* wizige. Om dy reden kin de Provinsje Fryslân fan no ôf oan de keardoelen foar it Frysk fêststelle. Dy fêststelling bart net earder as neidat Deputearre Steaten oerlein hawwe mei it Fryske primêr en fuortset ûnderwiis. Dêrneist is goedkarring nedich fan de minister fan OCW, dy't de Onderwijsraad freegje kin om in advys út te bringen. De minister kin goedkarring ûnthâlde as oan de neikommende betingsten net foldien wurdt:

- a. Der is genôch draachflak yn it ûnderwiis foar de foarleine keardoelen Fryske taal.
- b. De keardoelen Fryske taal fergje net mear ynspanningen fan it Fryske primêr, fuortset, en spesjaal ûnderwiis as dat it oandiel fan it ûnderwiis yn de Fryske taal yn it totaal oan ûnderwiisaktiviteiten rjochtfeardiget.
- c. De keardoelen Fryske taal jouwe omtinken oan:
 1. it mûnling útdrukken yn it Frysk en it ferstean fan sprutsen Frysk;
 2. it skriftlik útdrukken yn it Frysk en it heljen fan ynformaasje út Frysktalige teksten;
 3. de befoardering fan it begryp fan de Fryske taal;
 4. it ûntwikkeljen fan in positive hâlding oangeande it brûken fan it Frysk.

Ynternasjonale ferdraggen

Neist it wetlik ramt binne der Europeeske ferdraggen dy't fan ynfloed binne op it kurrikulum Frysk. Nederlân hat him as lidsteat fan de Ried fan Europa ferplichte om it Frysk te beskermjen en te befoarderjen troch de ratifikaasje fan it Ramtferdrach foar de beskerming fan Nasjonale Minderheden en it *Europeesk Hânfest foar regionale en minderheidstalen*. Troch it ramtferdrach te ratifisearjen, ferplichtet in steat himsels om de lykweardigens fan persoanen dy't ta in minderheid behearre te behâlden en te boargjen. De boargers meie boppedat harren eigen kultuer, religy, taal en tradysje útdrukke en behâlde. Diel II fan it Europeesk Hânfest is ûndertekene foar alle erkende minderheidstalen yn Nederlân: it Limboarchsk, Nedersaksysk, Romany, Jiddysk en it Frysk. Dêrneist is diel III, it heechste nivo fan it hânfest, foar it Frysk fan krêft.

Fierders wurdt oan it Fryske taal- en kultuerbelied útfiering jûn mei de *Wet gebrûk Fryske taal* (2013) en mei de *Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2019 – 2023*, dêr't it Ryk en de Provinsje Fryslân ôfspraken yn fêstlein hawwe oer hoe't sy yn dy perioade noed stean sille foar de Fryske taal en kultuer, ûnder oaren yn it ûnderwiis.

Konkretisearringen

Om basisskoallen te stypjen by it gearstallen fan harren ûnderwiisoanbod binne der by elk kearndoel dat der no is, dus ek by de kearndoelen Frysk, tuskendoelen en learlinen ûntwikkele (www.tule.slo.nl). Dêrmei binne foar alle kearndoelen de ynhâlden foar respektyflik groep 1/2, 3/4, 5/6 en 7/8 formulearre, mei foarbylden fan aktiviteiten fan learlingen en leararen en ynsjoch yn de praktyk op skoalle. Dêrneist is der foar basisskoallen by de kearndoelen Frysk in learplan Frysk: *Frysk oan bod/Frysk oan bod* (Oosterloo en Paus, 2005). Dat learplan biedt skoallen hânfetten by it foarmjaan fan Frysk yn it ûnderwiis en by it ûntwikkeljen fan taalbelied.

Yn 2015 is it *Referinsjeramt Frysk* (2015) ûntwikkele, koartwei rrF. Dêryn steane, oanslutend by it *Europees Referentiekader voor moderne vreemde talen* (it ERK), foar de domeinen prate, harkje, skriuwe, petearen fiere en lêze alle nivo's fan taalfeardeichheid beskreaun. It rrF kin yn elk ûnderwiistype brûkt wurde.

Frysk op skoalle

De taaleftergrûn fan learlingen op 'e basisskoalle yn Fryslân is ferskillend. Om dy reden is de taalsituaasje op Fryske basisskoallen ek ferskillend. Fan alle basisskoallen yn Fryslân is 15% offisjeel trijetalich, mei Nederlânsk, Frysk en Ingelsk as fak- en as fiertalen. Dy trije talen kamen oant koartby meastentiids apart fan inoar oan bod. Stadichoan is dat oan it feroarjen en wurde de talen minder strikt fan inoar skieden. Oare thústalen fan learlingen spylje meastentiids gjin aktive rol. Fierders is op de measte skoallen it Nederlânsk de iennige ynstruksjetaal. Dat betsjut dat learlingen mei oare thústalen yn it Nederlânsk ûnderdompele wurde en it Ingelsk en Frysk as fak krije.

Op de measte skoallen is it ientalige perspektyf op meartalichheid en meartalich ûnderwiis dus liedend en spylje oare thústalen fan learlingen as Frysk en Nederlânsk net of mar amper in rol.

Hast alle basisskoallen yn Fryslân jouwe Frysk as fak, nammentlik 83%. 40% jout Frysk as fak foar de doar fan ien les yn 'e wike fan 30 à 45 minuten, en de helte fan de skoallen brûkt Frysk as ynstruksjetaal foar de doar fan in heale of in hiele dei yn 'e wike neist it Frysk as fak. Der binne grutte ferskillen yn de tiid dy't oan it Frysk bestege wurdt. Skoallen hawwe oanstriid om harren lesdoelen te beheinen ta it ferstean learen fan it Frysk. Se brûke dêrfoar benammen skoaltelefyzje. Ut resinte gegevens docht bliken dat likernôch 30% fan de 412 basisskoallen oan de ferplichtingen fan de kearndoelen foldocht (Varkevisser & Walsweer, 2018). Yn it fuortset ûnderwiis wurdt op de measte skoallen Frysk as fak allinne jûn yn it earste learjier, in oere yn 'e wike. Dat is it wetlik fereaske minimum. Om skoallen te stimulearjen ek yn it twadde en yn hegere jierren Frysk te jaan, hat de Provinsje Fryslân in maatregel yntrodusearre om subsydzje te jaan oan skoallen dy't ek yn de jierren nei it earste jier Frysk jouwe.

Sûnt 1971 hawwe learlingen de mooglikheid om eksamen yn it fak Frysk te dwaan. Jierliks dogge krekt wat mear as 50 learlingen dat (Riemersma, 2017).

Untjouwingen yn it belied

De posysje fan it Frysk op skoallen wie yn it earstoan marzjinaal. Pas yn 1907 joegen de Provinsjale Steaten foar it earst subsydzje om Fryske les mooglik te meitsjen, mar dan wol bûten de reguliere skoaltiid om. Dêrnei wurdt yn de rin fan de tweintichste iuw it Frysk op skoalle stadichoan belangriker. Yn 1980 wurdt it in ferplichte fak. It brûken fan it Frysk as fiertaal wurdt tastien. Begjin jierren tachtich ferskynt it earste learplan Frysk (De Jong & Meestringa, 1983). As motiven foar it Frysk yn it ûnderwiis beklamje de skriuwers it kulturele motyf:

“Om misverstanden te voorkomen wijzen we er nogmaals op dat de onderscheiden motieven vaak in elkaar overlopen en niet te scheiden zijn. Naar onze mening zijn ze echter wel te onderscheiden. Hoewel elke school het recht heeft een eigen uitgangspunt te kiezen voor onderwijs in de Friese taal, lijkt ons het culturele motief voor alle scholen in Friesland het meest van toepassing. We willen de andere motieven niet afwijzen, maar het benadrukken van het pedagogischdidactische, het taalpolitieke motief of de verkleining van de kloof tussen school en thuis leidt onzes inziens tot een onjuiste invulling” (De Jong & Meestringa, 1983).

De earste generaasje kearndoelen wurdt fêststeld yn 1993. De kearndoelen foar it Frysk binne gelyk oan dy foar it Nederlânsk. It belied is rjochte op folsleine twataligens. Yn de praktyk docht bliken dat der grutte ferskillen binne yn it learstofoanbod Frysk en Nederlânsk; it Nederlânsk hat in folle grutter plak. Oan it fak Frysk wurdt yn trochsneed 30 à 45 minuten yn 'e wike bestege. As fiertaal wurdt it Frysk faak allinne yn de ûnderbou brûkt. It belied wie rjochte op folsleine twataligens, mar yn de praktyk is it doel (feitlik) ientalichheid of yn it geunstichste gefal parsjele twataligens.

Yn 2006 krije skoallen te meitsjen mei nije kearndoelen. De kearndoelen foar it Frysk binne net mear identyk oan dy foar it Nederlânsk. Dy nije kearndoelen moatte it mooglik meitsje foar skoallen om harren ûnderwiisoanbod adekwaat ôf te stimmen op de taaleftergrûnen en –kompetinsjes fan de learlingen. Foar Frysk- en twatalige bern is dat belied rjochte op twataligens. Foar Nederlânsktalige bern liket it rjochte op in beheindere foarm fan twataligens. It stribjen is lykwols om mei alle learlingen sa fier mooglik te kommen. Taalbelied is dêr in wichtich middel foar. Skoallen ûntwikkelje taalbelied en beskriuwe en ferantwurdzje harren karren en wurkwize yn harren taalbeliedsplan. Foar it primêr ûnderwiis ferskynt yn opdracht fan it ministearje fan OCW it twadde learplan: *Frysk oan bod/Frysk oan bod* (Oosterloo en Paus, 2005). Dit is ek de perioade dat der op hieltyd mear skoallen taalkoördinatoaren komme. Lanlik is in oplieding foar taalkoördinatoaren ûntwikkele. Yn Fryslân is it omtinken foar it Frysk yn it ûnderwiis yntegrearre yn dy oplieding. Taalkoördinatoaren yn Fryslân belûke de meartalige situaasje op harren skoalle yn harren te skriuwen taalbeliedsplan.

Yn it ynhâldlik belied wurdt in ferskowing sichtber yn it tinken oer Frysk en meartalichheid. Yn it earstoan lei de fokus op it learen fan Frysk neist it learen fan oare talen, mar stadichoan giet dy oer yn in fokus op meartalichheid, dêr't it Frysk in (wichtich) ûnderdiel fan is.

Untjouwingen yn it tinken oer meartalichheid yn it ûnderwiis

Yn it tinken oer meartalichheid is in feroaring geande, en, dêrmei gearhingjend, in feroaring yn opfettingen oer meartalichheid yn it (taal)ûnderwiis.

Meartalichheid

Immen dy't meartalich is, wurdt net mear beskôge as ien dy't ferskillende talen *neist* inoar behearsket, mar as ien dy't beskikt oer in *meartalich repertoire* en dy't dêr fleksibel gebrûk fan makket, ôfhinklik fan de situaasje en it doel fan kommunikaasje. It earste perspektyf is winliken in ientalich perspektyf: der is in taallearder dy't in twadde of tredde taal derby leart, apart fan de taal dy't er al ken.

It twadde perspektyf is in meartalich perspektyf: der is in taallearder dy't as taalbrûker in meartalich repertoire opboud. It iene sil er better kinne yn de iene taal en it oare yn in oare taal. In taalbrûker hat in searje taalmiddelen ta syn beskikking, dy't elk harren nut hawwe yn ferskillende situaasjes. Elkenien beskikt oer in ferskillend repertoire oan taalmiddelen. Der wurdt sjoen nei skaaimerken dy't diel útmeitsje fan it repertoire fan minsken. Dy skaaimerken komme de iene kear wol en de oare kear net yn harren taalgebrûk foar. It is benammen de sosjale kontekst dêr't de taal yn brûkt wurdt dy't bepalend is foar ien syn taalgebrûk en foar de rol dy't taal hat.

De fokus ferskoot dus fan ferskillende ôfsûnderlike talen (of taaleleminten op harrensels) nei sosjale situaasjes dêr't de taal yn brûkt wurdt: 'taalpraktiken' dêr't taalbrûkers harren meartalich repertoire fleksibel en funksjoneel yn brûke, ek wol oantsjut mei de term *translanguaging*. *Translanguaging* is in strategysk en dynamysk proses fan betsjutting konstruearje, en begryp, ynsjoch en kennis opdwaan yn meartalige taalpraktiken, troch meardere talen fleksibel en funksjoneel te brûken (û.o. García, 2009).

Der fynt mei oare wurden in ferskowing plak fan tinken yn termen fan additive (en subtraktive) meartalichheid nei dynamyske meartalichheid.

In meartalich perspektyf yn it ûnderwiis

Yn it ûnderwiis liedt sa'n nij tinkramt ta mear romte foar de ferskillende repertoires fan learlingen yn in klasse en ta minder strikt skieden gebrûk fan ferskillende talen; fan *fixed* nei *flexible* meartalich ûnderwiis (Weber, 2014). It liedt ta ûnderwiis mei meartalige taalpraktiken, dêr't learlingen by steat steld wurde om harren meartalich repertoire fleksibel en funksjoneel te brûken en fierder te ûntwikkeljen.

Dat betsjut dat it systematysk skieden fan talen net mear hoecht. Dêr foarmet ommers in ientalige wurkwize de grûnslach. Itselde jildt foar it prinsipe 'eerst de ene taal, dan de andere' (Meier, 2016).

Belangryk yn dit ferbân is it wurk fan Jim Cummins (1978). Hy pleitet derfoar om ientalige wurkwizen yn taalûnderwiis te ferfangen troch meartalige, mei romte foar transfer fia de talen. Hy basearret him dêrby op syn *interdependence hypothesis*: learlingen beskikke oer in *common underlying proficiency*; in mienskiplik kennisreservoir dat de basis foarmet foar de behearsking yn alle talen. Opboude kennis yn de iene taal stipet de ûntwikkeling fan in oare taal. De thústaal helpt by it opdwaan fan nije kennis én fan de ynstruksjetaal (û.o. Jordens,

2016). Yn dit meartalich perspektyf is meartalichheid net mear betiizjend foar taallearders, en ek net in probleem by it learen, mar krekt in foardiel en in boarne foar learen.

Der binne ferskillende manieren om thústalen in plak te jaan yn it ûnderwiis (û.o. Sierens & Fan Avermaet, 2014):

- it brûken fan thústalen net ferbiede en bestraffe, mar talitte op skoalle;
- it ferheegjen fan taalbewustwêzen (talesensibilisearring; Jonckheere, 2015));
- it fergelykjen fan talen;
- funksjoneel meartalich learen (sjoch bygelyks Duarte, 2016).

Untjouwingen yn it Frysk yn it deistich en maatskiplik libben

It Frysk spilet in rol yn it kontakt mei famylje en freonen, en ek yn it maatskiplik ferkear. As wy sjogge nei de behearsking en it gebrûk fan it Frysk, dan wurdt dúdlik dat it Frysk benammen as sprektaal funksjonearret, en net as skriuwtaal. Hast alle ynwenners fan Fryslân kinne it Frysk nammentlik reedlik oant hiel goed ferstean (93,7%), sa docht bliken út de Fryske Taalatlas 2015. Yn fergelyking mei de mjitting yn 2011 is dat persintaazje fergelykber. Dat jildt ek foar de sprekfeardichheid. Trijekwart jout oan dat it de taal frij aardich oant hiel goed prate kin. In kwart fynt dat lestich, of praat de taal hielendal net. Der is net folle ferskil yn leeftiid wat it praten en ferstean oanbelanget.

Wat tanommen is, is it tal ynwenners dat seit dat it it Frysk goed oant hiel goed lêze kin (yn 2011: 48,6%, yn 2015: 51,8%) en goed oant hiel goed skriuwe kin (yn 2011: 12,1%, yn 2015: 14,5%). De groep dy't it Frysk skriuwe kin, bliuwt lykwols lyts.

Sawat de helte fan de Fryske befolking hat it Frysk as memmetaal. Krekt wat minder as de helte (45,6%) praat (meastal) Frysk mei syn of har partner en 47,1% praat dan (meastal) Nederlânsk. By de taal dy't mei de bern praat wurdt, is net in soad ferskil: 47,5% Frysk en 48,1% Nederlânsk.

Yn fergelyking mei de peiling yn 2007 is it brûken fan it Frysk mei partner en/of bern justjes ôfnommen. It brûken fan it Nederlânsk is justjes tanommen.

Wêrom is in oanpassing foar it fak Frysk nedich?

Yn it ljocht fan de situaasje en de ûntjouwingen dy't neamd binne, spylje by in oanpassing fan de keardoelen de neikommende kwestjes in rol:

- de (feroarjende) taalsituaasje yn Fryslân;
- balâns yn de funksjes fan ûnderwiis;
- balâns yn stjoering en hâldfêst;
- ferskillen yn de aard fan besteande kaders;
- ûndúdlikheid oer wêr't it Frysk op skoalle krekt foar stiet;
- ferlet oan gearhing.

De (feroarjende) taalsituaasje yn Fryslân

Krekt as yn de rest fan Nederlân binne der yn Fryslân hieltyd mear learlingen dy't in oare thústaal as it Nederlânsk en/of Frysk hawwe, bygelyks in Arabyske taal, Poalsk, Ingelsk, Spaansk of Sineesk. Wannear't skoallen thústalen (mear) in rol spylje litte wolle yn harren ûnderwiis, dan sil it omtinken foar dy thústalen yn de klasse per skoalle ferskillend wêze, ôfhinklik fan de taaleftergrûn fan de learlingen.

Bygelyks:

- Op skoallen mei benammen Nederlânskstalige bern sil in positive attitude oangeande taaldiversiteit wichtich wêze, lykas it ferheegjen fan taalbewustwêzen troch middel fan talesensibilisearing.
- Op skoallen mei relatyf in soad bern mei migrantetalen of minderheidstalen as thústalen – talen dy't faak in legere status hawwe – is it ûntwikkeljen fan in positive attitude by learkrêften en by learlingen fan belang, plus it ferheegjen fan taalbewustwêzen en it ûntwikkeljen fan foarmen fan funksjoneel meartalich learen.
- Op trijetalige skoallen, dêr't foarhinne de trije talen apart fan inoar oan bod kamen, giet it om foarmen fan meartalich learen, wêrby't dy talen net mear sa strikt skieden wurde, wêryn't se ek oare talen yntegrearje kinne, en wêryn't by taalskôging omtinken is foar it fergelykjen fan talen (sjoch ek it projekt 3M, Mear kânsen Mei Meartaligens).

Yn it nije kurrikulum sil romte wêze moatte foar skoallen om rekken hâlde te kinnen met de fariaasje yn taaleftergrûn fan harren learlingepopulaasje.

Sawol foar de oanpassing fan it kurrikulum Nederlânsk as foar it kurrikulum Frysk is de fraach relevant hoe't de gearhing tusken ferskillende talen en ek tusken mearderheids- en minderheidstalen yn it ûnderwiis útwurke wurdt. Thústalen brûke op skoalle kin nammentlik ek in bydrage leverje oan it learen op skoalle.

In Europeeske oanbefelling is bygelyks om yn beide rjochtingen te ûnderwizen en te learen: net allinne in minderheid dy't in mearderheidstaal leart, mar ek de mearderheid dy't in minderheidstaal leart (yn Van Dongera e.o., 2017).

Balâns yn de funksjes fan ûnderwiis

Underwiis yn elk fak, dus ek ûnderwiis yn it Frysk, leveret in bydrage oan ien of mear fan de haaddomeinen fan it ûnderwiis: kwalifikaasje, sosjalisearje en persoansfoarming (Biesta, 2012). Kwalifikaasje hat te krijen mei it opdwaan fan kennis, feardichheden en hâldingen dy't learlingen kwalifisearje om wat te dwaan; bygelyks kwalifikaasje foar in berop of om yn in multykulturele mienskip libje te kinnen. By sosjalisearje giet it om hoe't learlingen troch ûnderwiis diel wurde fan tradysjes en praktiken; it harren eigen meitsjen fan noarmen en wearden, fan gedrach en attitudes dy't útdrage wat belangryk achte wurdt troch de mienskip (bygelyks: sosjalisearje yn de kultuer fan de demokrasy). Persoansfoarming of persoanswurding giet oer de foarming fan in persoan, oer de ûntwikkeling fan syn eigen identiteit en unyk wêzen, syn autonomy en ferantwurdlikheid, en it ûntdekkjen fan syn driuwfearren en passys. It giet om it stypjen fan bern en jongerein om as frij, ferantwurdlik en folwoeksen subjekt yn de wrâld stean te wollen. Oer 'identiteit' seit Biesta dat it by subjektivearring net giet om hokker identiteit(en) wy hawwe, mar om wat wy mei ús identiteiten dogge.

Goed ûnderwiis moat neffens Biesta altyd rekkenskip jaan fan wat it yn elk fan de trije haaddomeinen berikke wol. Yn dy domeinen besteane ferskillende fyzjes oer wat winsklik is. Dêrneist is der in beskate spanning tusken de domeinen. Sa kin de klam dy't lein wurdt op kwalifikaasje en dy't ynherint is oan de toetskultuer, liede ta kompetysje. Dat is kontraproduktyf as it om sosjalisasje giet, want dêr is gearwurkjen fan belang. It giet dus ek om de fraach wat in winsklike balâns is tusken de domeinen. Dy fraach kin allinne beäntwurde wurde yn relaasje ta konkrete learlingen op spesifike mominten yn harren ûnderwiistrajekt.

Foar it fak Frysk op skoalle betsjut dit dat der by de oanpassing fan it kurrikulum omtinken is foar de rol fan it Frysk op skoalle, net allinne as it giet om de kwalifisearjende funksje fan ûnderwiis, mar ek oangeande de sosjalisearjende en persoansfoarmjende funksje, en dat yn it nije kurrikulum romte is foar skoallen en leararen om fêst te stellen wat in winsklike balâns is.

Balâns yn stjoering en hâldfêst

De keardoelen sa't dy der no binne, binne globaal formulearre om skoallen romte te bieden foar harren eigen kurrikulum, passend by de fyzje fan de skoalle en by de learlingen. Dêrtroch biede de keardoelen konkreet te min hâldfêst. Krekt as foar alle oare fakken yn it basisûnderwiis binne foar it Frysk by de nije generaasje keardoelen yn 2006 om dy reden tuskendoelen en learlinen ûntwikkele: Tule Frysk. De konkretisearringen en foarbylden yn Tule biede oan de iene kant hâldfêst, mar trochdat se sa wiidweidich binne, blykt it ek wer lestich te wêzen om by it brûken derfan it oersjoch te hâlden. Krekt yn kombinaasje mei it brûken fan Tule foar oare fakken, bygelyks by it wurkjen oan in tema of projekt, soe in kompaktere útwurking wurkberder wêze.

Leararen sykje ek faak hâldfêst yn metoaden, dy't dêrnei gauris te regulearjend fûn wurde. Skoallen dy't hâldfêst sykje yn in metoade brûkten foar it Frysk oant koartby *Studio F* foar it basisûnderwiis en *Freemwurk* foar it fuortset ûnderwiis. Sûnt in oantal jierren wurdt wurke oan in digitaal systeem (*eduFrysk*) dêr't skoallen sels harren oanbod mei gearstalle kinne, passend by harren situaasje en fyzje: *Spoar 8* foar it basisûnderwiis en *Searje 36* foar it fuortset ûnderwiis.

Foar *Spoar 8* binne – yn ûntwikkeltiims mei leararen - twa spoaren útwurke: it iene spoar biedt lesmateriaal foar skoallen dy't harren taalûnderwiis op in tradisjonele, benammen kursoaryske wize jouwe. Foar basisskoallen dy't minder ôfhinklik fan in metoade wurkje wolle, befettet *Spoar 8* in temateek mei Frysktalich boarnemateriaal: teksten (sawol fiksjeonele as saaklike teksten), films, ferskes, telefyzjeprogramma's, lesmateriaal foar oare fakken yn it Frysk, foarsjoen fan foarbyldaktiviteiten en didaktyske helpkaarten foar de learkrêft.

Dy ûntjouwing lit sjen hoe't yn Fryslân ûnderwilens wurk makke wurdt fan it sykjen nei in nije balâns yn ynhâldlike stjoering en ynhâldlik hâldfêst. Dat sil de kommende tiid ek om in oar perspektyf op de profesjonele romte fan leararen freegje. It aksint sil ferskove fan 'leararen op kursus' nei skoalûntwikkeling, en professionals op makro-, meso- en mikronivo sille mei-inoar wurkje oan de kwaliteit fan it ynhâldlik belied, yn stee fan fia it tradisjonele

stelsjen dat feroaringen triem foar triem ymplemintearret (sjoch s. 14). Dêr is ek yn Fryslân in begjin mei makke, bygelyks yn de projekten *Grip2* en *3M*, dy't as doel hawwe om yn 'e mande mei skoallen wurkwizen en foarbylden fan ynspirearjend meartalich ûnderwiis te ûntwikkeljen.

Ferskillen yn de aard fan besteande kaders

De keardoelen foar it basisûnderwiis, de keardoelen foar de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis en de eksamenprogramma's en syllaby foar de boppebou fan it fuortset ûnderwiis binne ferskillend fan aard. Se fariearje fan globaal yn de keardoelen oant spesifyk yn de syllaby. Fierder giet it yn de keardoelen om oanbodsdoelen en yn de eintermen om behearskingsdoelen. Yn de keardoelen foar it primêr ûnderwiis wurdt gjin ûnderskied makke yn de taaleftergrûn fan learlingen (Frysk wol of net as thústaal), yn de keardoelen foar it fuortset ûnderwiis lykwols al. Foar in trochrinnende line is it ûndûbelsinnich opstellen fan doelen yn de oanpassing fan it kurrikulum dus in punt fan omtinken. Dy trochgeande line soe him net allinne beheine moatte ta primêr en fuortset ûnderwiis, mar ek oanknopingspunten biede moatte foar oansluting by de foarskoalske faze, groep 1 en 2, en it ferfolchûnderwiis.

Undúdlikheid oer wêr't it ûnderwiis yn it Frysk krekt foar stiet

Yn diskusjes oer de rol en it plak fan it Frysk op skoalle rinne ferskillende claims en motiven fakentiden troch inoar hinne. Sa binne der pedagogysk-didaktyske motiven, kultureel-maatskiplike en taalpolitike, taalideologyske motiven.

By pedagogysk-didaktyske motiven wurdt beklamme dat Frysktalige bern de mooglikheid hâlde moatte om harren memmetaal te ûntwikkeljen. Foar bern dy't net Frysktalich binne, hat it learen fan de Fryske taal ek in posityf effekt: se wurde meartalich. Pedagogysk-didaktyske motiven spylje ek mei yn de oanpak dy't Frysk op skoalle brûkt yn in oergongsfaze, om sa de kleau tusken skoal- en thústaal te oerbrêgjen foar Frysktalige learlingen.

By kultureel-maatskiplike motiven giet it om it brûke kinnen fan it Frysk foar maatskiplik funksjonearjen en foar dielnimmen oan Frysktalige kultuer. Behearsking fan it Frysk is dan fan belang yn bygelyks deistige kontakten mei famylje, leeftiidsgenoaten, yn de wyk, by sportferieningen en klups, en ek letter yn it wurksame libben, sa as yn de sûnenssoarch, tsjinstferliening, media en oerheid. Dêrneist kin it ûnderwiis learlingen yn 'e kunde komme litte mei Frysktalige kultueruteringen lykas film, toaniel, muzyk en literatuer. Yn dy kultueroerdracht, en yn it befoarderjen fan kultuerpartisipaasje, hat it ûnderwiis in wichtige funksje.

Yn taalpolitike en taalideologyske motiven stiet it Frysk as rjocht en it stribjen nei it behâld fan de Fryske taal sintraal. Wannear't hieltyd minder bern Frysk leare, sil dit de posysje fan it Frysk ferswakje, sa is de ûnderlizzende gedachte. Wannear't Frysk op skoalle leard wurdt, kin dat ek in bydrage oan it fuortsterkjen fan de posysje fan it Frysk. Yn de *Universele ferklearring fan de rjochten fan de minsk* fan de Feriene Naasjes stiet dat alle bern rjocht hawwe op ûnderwiis yn harren eigen taal. Dit jildt ek foar Frysktalige bern. Der binne ferskate belange-organisaasjes dy't nei dat rjocht ferwize.

De beskreaune motiven binne fan ynfloed op opfettingen oer it ûnderwiis yn it Frysk: is it bygelyks in middel, in boarne of in rjocht? Yn it belied dat der no is spylje dy motiven en opfettingen mei, mar it bliuwt fakentiden ymplisyt watfoar fyzje as dêr efter sit.

Ferlet fan gearhing

It fak Frysk op skoalle wurdt faak sjoen as ‘wat derby’. It stiet dan los fan it ûnderwiis yn oare talen en fakken. Yn it fak sels kin ek praat wurde fan in tekoart oan gearhing en/of lykwicht. De gearhing tusken de trije klassike haaddomeinen yn it taalûnderwiis (taalfear dichheid, literatuer en kennis oer taal) is net altyd dúdlik en kin ûnlykwichtich wêze. In nijsgjirrige fraach by de oanpassing fan it kurrikulum Frysk is hoe’t de balâns tusken de haaddomeinen taalfear dichheid, literatuer en kennis oer taal derút sjen moatte soe of kinne.

Yn it haaddomein taalfear dichheid komme de feardichheden faak los fan inoar, ‘ferkavele’, oan bod. Yn it primêr ûnderwiis is der yn ’e regel benammen omtinken foar de mûnlinge feardichheden. It skriuwen en lêzen fan teksten yn it Frysk komt net of mar amper oan bod. Yn it fuortset ûnderwiis is der by de skriftlike feardichheden benammen in soad omtinken foar stavering en grammatika. By de oanpassing fan it kurrikulum sil de fraach spylje oft dat in winsklike situaasje is.

De oanpassing fan it kurrikulum Frysk sil de gearhing mei oare fakken en leargebieten helder meitsje moatte. Foar it taalûnderwiis giet it dan om gearhing mei Nederlânsk en Ingelsk en mei oare moderne frjemde talen; bygelyks gearhing yn fyzje op taalûnderwiis, tinkwizen oer (meartalige) taalûntwikkeling en taaldidaktyk. It giet ek om de fraach hoe’t de balâns is tusken de trije haaddomeinen, hoe’t dy him ferhâldt ta dy fan de oare talen en yn hoefier’t der ôfstimd wurde moat.

Yn it fak Frysk sil de oanpassing fan it kurrikulum liede ta it winske lykwicht én mear gearhing tusken de ferskillende domeinen. Dêr wurdt ek by de oanpassing fan it fak Nederlânsk foar pleite (û.o. Van Gelderen & Van Schooten, 2011). Ek yn de fyzjetekst fan de Taalunie, *Iedereen taalcompetent!* (Vanhooren, Pereira, & Bolhuis, 2017), wurdt gearhing tusken feardichheden, talige kennis en attitudes beklamme.

By it ûntkaveljen fan it taalûnderwiis Frysk binne de konsekwinsjes dy’t soks hawwe kin foar it hjoeddeistige ûntheffingsbelied in punt fan omtinken. Yn dat belied is nammentlik in ferkaveling yn subdomeinen (per keardoel) liedend.

Wat is nedich by it op ’e nij besjen fan it kurrikulum Frysk?

Wol in oanpassing fan it kurrikulum Frysk slagje, dan binne der ferskillende faktoaren dy’t bûten it berik fan de opdracht falle, mar dy’t wol fan ynfloed binne:

- de sintrale rol fan in fyzje op ûnderwiis en fan in fyzje op taalûnderwiis;
- de rol en de aard fan toetsing fan it Frysk;
- talebelied yn stee fan taalbelied;
- fan ‘leararen op kursus’ nei skoalûntwikkeling.

Fyzje sintraal

In ferhelderjende manier om in kurrikulum of learplan te fisualisearjen is it saneamde kurrikulêre spinreach (Van den Akker, 2003). De kearn fan it spinreach is de 'fyzje'. De fyzje is mei njoggen triedden ferbûn oan de oare ûnderdielen fan it kurrikulum (leardoelen, learynhâld, learaktiviteiten, dosintrollen, boarnen en materialen, groepearingsfoarmen, learomjouwing, tiid en toetsing). Idealiter binne ek dy njoggen ûnderdielen mei inoar ferbûn, sadat der sprake is fan konsistinsje en gearhing. De metafoar fan it spinreach makket it kwetsbere karakter fan in learplan dúdlik. Wurdt der hurd oan ien fan de triedden lutsen en de rest beweecht net mei, dan skuort it reach. It reach wurdt spûn út in basisfyzje wei, of om it mei de wurden fan *Curriculumspiegel 2017* te sizzen: "Heldere leerplankaders dienen hun legitimering te hebben in een overkoepelende (vak-, thema- en sectoroverstijgende) samenhangende visie op het waartoe van het onderwijzen en leren" (Folmer, Koopmans, Van Noorel & Kuiper, 2017, s.397). In oanpassing fan it kurrikulum kin net los sjoen wurde fan in fyzje op ûnderwiis. Takomstbestindich ûnderwiis hat net genôch oan in beskriuwing fan wat learlingen kenne en kinne moatte, mar hat ferlet fan in trochtochte fyzje op ûnderwiis (Biesta, 2016). Dy fyzje bliuwt neffens Biesta ymplisyt en dêrmei bliuwt ek de rjochtfeardiging derfan te ymplisyt. Underwiis moat neffens him earne foar stean en as in foarmingsprojekt karakterisearre wurde. Sintraal stiet de moeting fan it bern en de jongere mei dat foarmingsoanbod. "Kinderen en jongeren ontmoeten in het onderwijs een realiteit en worden uitgedaagd om zich tot die realiteit te verhouden: zich er mee te verbinden en zich er tegelijkertijd ook altijd kritisch tot te blijven verhouden" (Biesta, 2016). Sa komt neffens Biesta de bysûndere rol en ferantwurdlikheid fan de dosint folle better yn it sicht as yn it advys fan it Platform Onderwijs2032, dat him liket te beheinen ta de fraach wat bern en jongerein leare moatte soene en hoe't dosinten dat learen fasilitearje kinne soene. "Daarmee is er een risico dat de rol van de docent beperkt blijft tot die van 'vakkenvuller' en diens pedagogisch vakmanschap eigenlijk niet aangesproken wordt."

In fyzje op it leargebiet Frysk is ynbêde yn in fyzje op ûnderwiis, en yn in fyzje op taalûnderwiis. Globaal binne der yn fyzjes op taalûnderwiis twa oanpakken te ûnderskieden: in dielfeardichheidsoanpak (syntetysk taalûnderwiis) en in holistyske oanpak (analytysk taalûnderwiis) (Jaspaert, 1996). Mei oare wurden: taalûnderwiis dat fan dielen nei gehiel wurket of fan gehiel nei dielen. Dy twa oanpakken kinne besjoen wurde as twa utersten op in skeal; der binne allegearre tuskenfoarmen mooglik.

Toetsing

Ien fan de oanbefellingen fan de ynspeksje yn *Tusken winsk en wurklikheid* (Inspectie van het Onderwijs, 2010) wie in noarmearre toets- of learlingfolchysteem foar it Frysk. Dat soe de opbringst fan it ûnderwiis dúdliker meitsje moatte. Underwilens is der sa'n systeem, yn de foarm fan *Grip* (sjoch www.grip.frl), mei ynstruminten foar it toetsen of evaluearjen fan sawol skriftlike as mûnlige feardichheden yn it Frysk. Utgongspunten fan dit folchysteem binne dat it genôch evaluaasje-ynstruminten befettet, sadat de learaar karren meitsje kin dy't passe by syn fyzje op ûnderwiis en dy't rekken hâlde mei it ferskaat oan taalfeardichheidsnivo's fan learlingen, en dat evaluaasje mear formatyf ynset wurde kin (De Boer, 2016).

Dit folchsysteme lit sjen hoe't yn Fryslân in ferskowing yn aksinten yn toetsing yn gong set is. Neist noarmearre toetsen befettet it systeem observaasje-ynstruminten (dy't yn 'e mande mei leararen ûntwikkele binne) en biedt it mooglikheden om mei portfolio's te wurkjen. De observaasje-ynstruminten binne winliken taalûnôfhinklik; se kinne sawol foar it Frysk as foar it Nederlânsk brûkt wurde. Dêrmei kin ek de gearhing yn taalfeardichheidsûntwikkeling foar de learaar en foar de learlingen dúdlik wurde. As formative evaluaasjegegevens spylje se in rol yn in him ûntwikkeljend oanbod.

Ek petearen mei en tusken learlingen, as foarm fan formative evaluaasje, jouwe in ryk byld fan taalûntwikkeling. Sa is yn it primêr ûnderwiis yn Fryslân ûnderfining opdien mei it fieren fan lêspetearen, dy't yn it Frysk of yn it Nederlânsk fierd wurde kinne. By sokke lêspetearen lizze der boeken (en oare teksten) yn it Frysk, Nederlânsk en oare talen op 'e tafel.

Foar de ynspeksje jout *Grip* de mooglikheid om it Frysk op skoalle wer op te nimmen yn it ûndersyk. Dat soe lykwols net allinne ôfhinklik wêze moatte fan it wol of net beskikber wêzen fan toetsen. De beheinende wurking fan in sterke klam op toetsen freget ommers om oare aksinten yn it tafersjoch: net allinne rjochte op kontrôle, mar ek op ynhâldlike stimulearring fan eigen karren. De wei dy't de Provinsje ynslein is mei syn belied yn it ramt fan *Taalplan Frysk* jout dêr oanknopingspunten foar; de ynspeksje kin mei it tafersjoch oanslute by de ambysjes dy't in skoalle formulearre hat.

Fan taalbelied nei talebelied

Yn it ramt fan it *Taalplan Frysk* formulearre skoallen harren ambysjes foar it oanbod Frysk. Dit bringt it risiko mei him mei dat der in apart plan foar Frysk makke wurdt, dat los stiet fan it taalbelied fan de skoalle. Yn stee fan taalbelied kin better praat wurde fan talebelied, sa as yn Flaanderen wenst is. Yn dat talebelied is de meartalige situaasje it útgangspunt. Dy meartalige situaasje hat dan te krijen mei alle thústalen dy't op skoalle foarkomme en op de talen dy't neffens de wetlike kaders leard wurde moatte. Yn in talebeliedsplan wurdt it ynhâldlik belied oangeande al dy talen formulearre.

Fan 'leararen op kursus' nei skoalûntwikkeling

Lanlike kaders jouwe rjochting en romte foar ynhâldlik belied op skoalle. In fraach yn it ramt fan de oanpassing fan it kurrikulum is hoe't in balâns fûn wurde kin yn foldwaande rjochting biede en genôch romte litte oan skoallen, sawol lanlik as yn de Fryske kontekst.

Sterke foarmen fan eksterne stjoering blike nammentlik net (bliuwend) ta de winske resultaten te lieden. Yn Ingelân soarge national prescription bygelyks yn earste ynstânsje wol foar foarútgong, mar dy stagnearre. Skoallen wiene dêrnei sels oan set om de folgjende faze fan ferbettering te lieden (Hopkins, 2006). Hopkins omskriuwt dy ûntwikkeling yn termen fan oergong fan *prescription* nei *professionalism*. Yn petearen mei leararen yn it ramt fan *Koers Primair* kaam nei foaren dat leararen it gefoel hiene dat harren profesjonaliteit drige ûnder te snijen by dúdlik oanwêzige eksterne stjoering. Sy woene sels, fanút harren fyzje, wurkje oan ûnderwiisûntwikkeling en ûnderwiisynnovaasje. Se joegen oan dat se ferlet hiene fan it útwikseljen fan kennis en ûnderfiningen, en net fernijingstrajekten dy't fan boppen oplein wurde. Fergelykbere reaksjes kamen nei it advys fan it *Platform Onderwijs2032*. Sokke reaksjes jouwe presys oan wat as wichtige oarsaak fan de lytse effekten fan eksterne

stjoering sjoen wurdt: de learaar is te folle in útfierende professional yn stee fan in aktive of konstruearjende professional (Verbiest, 2004).

Underwiisbelied troch eksterne stjoering kin fier ôfstean fan de praktykkennis¹ fan leararen. As eksterne stjoering foarbygiet oan de profesjonaliteit en de praktykkennis fan leararen, kin dat liede ta demotivaasje.

Neffens bygelyks it model fan *Research Development Diffusion* (RDD) wurdt nije kennis triem foar triem yn skoallen ymplementearre: fan universiteiten, fia lanlike sintra, hegeskoallen, nei skoalbegeliedingstsjinsten, nei skoallen. Dit kin derta liede dat de eigen praktykkennis fan leararen as minder relevant beskôge wurdt. Dêrtroch kinne leararen minder motivearre reitsje om de rol fan aktive professional te ferfoljen.

Binnen de kaders dy't de oerheid stelt, krije skoallen dus romte om it ûnderwiis fanút in eigen ferantwurdlikheid en in eigen fyzje foarm en ynhâld te jaan. Fanút dy kaders en romte wurdt mei oare wurden ynfolling jûn oan de 'geregelde ruimte' (Onderwijsraad, 2012). As bekend is wat de ynhâldlike grinzen binne, is ek dúdlik(er) wêr't de te benutten romte leit (Kuiper, 2017). Dy ôfbeakening yn wat moat en wat kin, komt ta stân troch te konkretisearjen, te spesifisearjen en troch foarbylden te jaan. Dêrfoar moat fan wjerskanten ôfstimd wurde. De skoallen krije en brûke harren romte om eigen karren te meitsjen en dat giet better neigeraden de profesjonaliteit fan leararen en skoallieders erkend en ynset wurdt.

Wat dêrneist in rol spilet, is it tradisjonele ûnderskied tusken it kurrikulum op makro-, meso- en mikronivo (op stelsel-, skoalle- en klassenivo). Yn de wurkwize oant no ta nimt de beliedsromte hieltyd mear ôf: de oerheid ûntwikkelet lanlike kaders, skoallen soargje foar yn- en oanfollingen en leararen wurkje dy út yn harren lessen. Produktiver liket it om de trije nivo's as lykwaardich te sjen en se te kombinearjen, wylst de minsken dy't op de trije nivo's belutsen binne inoar ynspirearje. Dat freget al yn de ûntwerpfaze om in wikselwurking tusken skoallen en oerheid en it freget om ynhâldlike learplanpetearen op skoalle (Kuiper, 2017).

¹ "Deze praktijkkennis is een geheel van kennis, opvattingen en waarden met betrekking tot de wijze van beroepsuitoefening die een professional opbouwt op basis van zijn persoonlijke en professionele ervaringen. Men spreekt ook wel van een persoonlijke leer- en actietheorie: een persoonlijk referentiekader van waaruit men leeren werkgerelateerde situaties interpreteert en dat richting geeft aan het gedrag daarin. (...) Deze praktijkkennis is vaak impliciete, zogeheten 'tacit knowledge', in weten te handelen ('knowing-inaction'). Praktijkkennis is niet het tegengestelde van theoretische of wetenschappelijke kennis. In de praktijkkennis van een onderwijsprofessional is dergelijke theoretische kennis zodanig ingepast dat men die kan gebruiken bij het plannen en uitvoeren van onderwijs." (Verbiest, 2004: 46-47)